

GrienLinks  
T.a.v. mefrou. I. Groeneveld/  
de hear T. van de Bles

Ljouwert, 4 desimber 2007

Ferstjoerd **6 DEC. 2007**

Ús merkteken : 00733170  
Ôfdieling : Beliedsûntwikkeling Miljeu  
Opsteld troch : G. Jonker / (058) 292 52 40 of g.jonker@fryslan.nl  
Jo merkteken : -  
Taheakke(n) : -

Ônderwerp : antwurd op skriftlike fragen, ex artikel 26 Reglement van Orde

Achte mefrou/ hear,

Nei oanlieding fan skriftlike fragen, ex artikel 26 Reglement van Orde dy't jo út namme fan de Grien Links fraksje op 6 novimber 2007 steld ha oer de REC, by ús ynkommen op 9 novimber 2007 en ynboekt ûnder merkteken 728721, jouwe wy hjirûnder ús antwurden.

1. *Is it kolleezje fan DS op 'e hichte fan in rapport fan it buro MOB (drs. ing. Johan G. Vollenbroek) oer de MER oangeande it plan fan Omrin foar in 'Reststoffen-Energie-Centrale' by Harns?*

Beântwurdig

Ja, wy binne op 'e hichte fan 'e ynhâld fan dat rapport. Dat is yn opdracht fan de Waadferiening en de Stichting Afvaloven nee opsteld.

2. *Sa ja, belûkt it kolleezje de konklúzjes fan Vollenbroek by de beoardieling fan de neamde MER foar it al of net ôfjaan fan in fergunning?*

Beântwurdig

It rapport is as fisy op 'e MER yntsjinne en sil as sadanich meiwoegen wurde yn it fierdere beslútfoarmingstrajekt yn ferbân mei de MER en de beoardieling fan de oanfraach om in miljeufergunning.

3. *Dielt it kolleezje de miening fan Vollenbroek, dat Omrin foar de nije sintrale blykber gjin gebrûk makket fan de bêste, beskikbere miljeutechniken?*

Beântwurdig

Sjoch beântwurdig fraach 2.

4. *Dielt it kolleezje de miening fan de Waadferiening en de Stichting Afvaloven Nee, dat it fan belang is om de plannen fan Omrin te ferlykjen mei alternativen, lykas it gebrûk meitsjen fan in besteande ôffalsintrale?*

Beântwurdig

Ja, dêrom is dat opnommen yn 'e rjochtlinen dy't wy op 27 maart 2007 fêststeld hawwé en Omrin yn haadstik 2 (§ 2.1.1 en 2.3) fan 'e MER ferwurke hat.

5. *Of is der foar DS, c.q. de minister fan VROM de mooglikheid, it ôffalbelied yn noardlik ferbân op elkoar ôf te stimmen, om tsjin te gean dat der oer in pear jier oerkapasiteit komt fan enerzjysintrales dy't op ôffal draaie?*

Beântwurdig

Sûnt 1 jannewaris 2007 binne de (Europeeske) grinzen foar brânber ôffal iepen. Dat is Europeesk belied. Ôffalbewurking en ôffalferwurking wurde as in reguliere ekonomyske merkaktiviteit sjoen, mitsdat dy oan beskate (miljeuhygiënyske) rânebetingsten foldogge.

De steatssiktaris hat tasein in folslein stoartferbod ta te rieden dat oer in jier as wat ynfierd wurde kin en, ûnderwilen, mei IPO in effektmjittingssysteem te ûntwikkeljen. It systeem hat te'n doel om de effekten fan de iepen-grinzen-maatregel te hifkjen en om by minder gaadlike situaasjes passende maatregels te nimmen. Nei't ferwachte wurdt, sil it effektmjittingssysteem maitiid 2008 yngean.

Wy hoopje jo sa foldwaande ynformearre te hawwen.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. E.H.T.M. Nijpels

foarsitter

mr. J. Wibier

sekretaris